



Europeesk buro foar Lytse talen

It bestjoer fan it Europeesk buro foar Lytse talen is op 'e syk nei in entûsjast en belutsen

Bestjoerslid m/f

It Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT) soarget, sûnt de oprjochting yn 1984, foar de promoasje en beskerming fan it Frysk en Nedersaksysk yn Nederlân en yn de Europeeske Uny (EU), de Rie fan Europa en harren ynstellingen. Hjirfoar wurdt wetlike en politike stipe socht op Europeesk, nasjonaal en provinsjaal nivo. It EBLT wurket fanút Europeesk perspektyf en is oansletten by it NPLD (Network for the promotion of linguistic diversity).

It EBLT bestiet út fertsjintwurdigers fan 21 organisaasjes dy't harren ynsette foar de posysje fan it Frysk en it Nedersaksysk. Dit binne twa fan de talen dêr't Nederlân ferplichtings hat tsjinoer de ynternasjonale mienskip, nei it yn wurking kommen (1998) fan it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen (Europees Handvest voor streektalen of talen van minderheden) fan de Rie fan Europa. It EBLT folget de ûntwikkelings kritysk en stelt him hjirby op as in ûnôfhinklike NGO (Non Governmental Organization).

Sûnt 2009 binne it EBLT en it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen (Mercator Kennisintrum) fan de Fryske Akademy, in gearwurkingsoerienkomst oan gien. It Mercator Kennisintrum is û.o. ferantwurdlik foar it sekretariaat en it webstee fan it EBLT. Dêrneist wurkje de partners gear by de organisaasje fan ferskate aktiviteiten. De dieltiid beropskrêft fan it EBLT wurket fanút it kantoar fan Mercator.

It deistich bestjoer fan it EBLT komt jierliks sa'n seis kear yn it jier by elkoar. Dêrneist binne der trije gearkomsten mei it algemien bestjoer wêrby't alle lidorganisaasjes by elkoar komme. Alle kearen steane saken op 'e wurklist dy't te krijen ha mei de posysje fan de minderheidstalen lykas bygelyks de taalwet Frysk, de nije kultuernota fan de provinsje Fryslân en de posysje fan it Nedersaksysk.

Fierder organisearret it EBLT op syn minst twa kear yn it jier in iepenbiere byienkomst, yn de regel yn it ramt fan de Europeeske dei fan de talen (ein septimber) of de Europeeske dei fan de memmetaal (febrewaris). Dêrnjonken kin it EBLT ek fleksibel yn aksje komme, as de aktualiteit dêr oanlieding ta jout.

Graach wolle we ús bestjoer oanfolje mei in bestjoerslid dy't in bijdrage leverje kin oan de folgjende saken:

- * It meitinken oer en mei-organisearjen fan in publyksaktiviteit yn foar- en neijier
- * It meiwurkjen oan de lobby foar de minderheidstalen yn Nederlân
- * It kritysk folgjen fan/neitinken oer de posysje fan de minderheidstalen yn Nederlân en de mooglikheden om dy te fersterkjen.

Wêr binne we nei op 'e syk?

In entûsjaste man/frou dy't ree is om him/har yn te setten foar de posysje fan de minderheidstalen yn Nederlân.

In EBLT-bestjoerder is entûsjast oer it taalferskaat yn Nederlân en de minderheidstalen Frysk en Nedersaksysk yn it bysûnder en ree om him/har dêr foar yn te setten. In EBLT-bestjoerder hat it ek oan tiid om hjirfoar geregeld te oerlizzen en ek bûten de gearkomsten om in bijdrage te leverjen. Eltse EBLT-bestjoerder fertsjintwurdiget yn prinsipe ien fan de oansletten organisaasjes. Je kinne ek in organisaasje fertsjintwurdigje dy't lid wurde wol fan it EBLT.

Wêrom soesto it wolle?

Fielst foar it goed op 'e kaart hâlden fan it Frysk en de oare minderheidstalen fanút in ynternasjonaal perspektyf en hast hjir tiid foar? Je meitsje diel út fan in netwurk op Frysk, nasjonaal en ynternasjonaal nivo en je binne nau belutsen by alle ûntjouwings op it mêd fan taalbelied yn Fryslân en Nederlân.

Foar mear ynformaasje sjoch op www.eblt.nl of nim kontakt op mei Reina van der Meer (siktaris EBLT) of mei Onno Falkena (foarsitter EBLT).

Us emailadres is eblt@fryske-akademy.nl

It tillefoannûmer fan Onno Falkena is 06-51496594.